

SKRIFTLIKE FRAGEN, ex artikel 41 Reglement van Orde

Rjochte oan DS / lid DS	Douwe Hoogland / Avine Fokkens
Ynliedende taljochting (fakultatyf)	<p>De Steatefraksje fan de FNP hat noed oer in twatal lânskiplike ûntwikkelingen yn Noardwest Fryslân.</p> <p>Al jierren binne der soargen oer it behâld fan it karakteristike kûlisselânskip oan de westkant fan de âlde Middelsee yn de gemeente Waadhoeke. Yn provinsjaal belied is fêstlein dat dy lânskipseleminten beskerming fertsjinje, mar yn de praktyk ferdwine geandewei hieltyd mear slingerjende sleatsjes en beamsingels.</p> <p>Dik in jier lyn hat it (doetiidske) kolleezje nei mûnlinge fragen fan de FNP in tal antwurden jûn oer de tapassing fan it provinsjaal belied oer de kultuerhistoaryske wearden yn it gebiet oan de westkant fan de Middelsee tusken Marsum en Berltsum. It die bliken dat de fertaalslach fan dat belied nei it gemeentlike bestimmingsplan noch hieltyd net plakfûn hat. Neffens it brief wienen de provinsje en de gemeente Waadhoeke it deroer iens dat it fan belang is om, foarútrinnend op in nij bestimmingsplan, de natuerlike en kultuerhistoaryske wearden yn it gebiet te beskermjen. De gemeente Waadhoeke hat de provinsje begjin 2019 frege om dêroer mei te tinken.</p> <p>Yn it gebiet tusken Frjentsjer en Harns binne ek wichtige kultuerhistoaryske en lânskiplike eleminten oanwêzich, dy't troch de bestimmingsplannen beskerme binne. Tagelyk rint der in gebietsproses konfoarm de WILG. Om mear dúdlikheid te jaan hawwe de gemeenten in konsept-beliedsregel <i>'cultuurhistorische en landschappelijke waarden'</i> makke, dy't yn jannewaris 2020 fêststeld wurde soe. Nei oanlieding fan in advys fan de Bestjoerskommisje Franekeradeel-Harlingen en in brief fan LTO Noord en NAV hat it kolleezje fan B&W besletten de beliedsregel foarearst net yn te fieren.</p> <p>Boarnen:</p> <ul style="list-style-type: none">• Leeuwarder Courant, <i>'Coulissebeschermers wijzen op herplantplicht'</i>, 29 april 2020; Leeuwarder Courant, <i>'Stel beperkend landschapsbeleid uit'</i>, 9 april 2020; Friesch Dagblad, <i>'Noodkreet uit Bitgum over coulissenlandschap vindt gehoor'</i>, 30 oktober 2018;• Kolleezje fan B&W gemeente Waadhoeke, <i>'Beleidsregel cultuurhistorische en landschappelijke waarden'</i>, Informatienota voor de gemeenteraad, 5 maart 2020; Kolleezje fan B&W gemeente Harns, <i>'Beleidsregel cultuurhistorische en landschappelijke waarden'</i>, Raadsinformatiebrief, 28 novimber 2019; Gemeenten Waadhoeke / Harns, <i>'Concept Beleidsregel cultuurhistorische en landschappelijke waarden'</i>, 31 oktober 2019;• DS Fryslân, <i>'Tasizzing 2035: ferdwinen fan it kûlisselânskip yn de eardere gemeente Menameradiel'</i>, 19 maart 2019, nr. 01648653;• Beheersverordening Buitengebied Menameradiel, fêststeld 28 septimber 2017; Bestemmingsplan Buitengebied Gemeente Menaldumadeel, fêststeld 1 febrewaris 2007.

Fraach / fragen	<ol style="list-style-type: none"> 1. De ynhâld fan it figearjende bestimmingsplan foar it bûtengebiet fan de eardere gemeente Menameradiel datearret fan 2007 en biedt ûnfoldwaande beskerming. De gemeente Waadhoeke hat de provinsje in jier lyn frege om mei te tinken oer beskermjende regelingen foar de natuerlike en kultuerhistoaryske waarden. Kin it kolleezje oanjaan oft der yntusken beweging yn de saak sit? Wannear tinkt it kolleezje dat de beskerming op oarder wêze kin? Yn it gefal dat der gjin progressy is, oerwaget it kolleezje dan de ynset fan bygelyks in pro-aktive oanwizing om it lânskip te beskermjen? 2. Is it kolleezje op de hichte dat der op ferskillende plakken yn it gebiet beammen kapt binne? Hawwe de rjochthawwenden dêrfoar wol in melding by de provinsje dien en foldogge se wol oan de herplantplicht op grûn fan de Wnb? Wat docht it kolleezje deroan om it yllegaal kappen fan weardefolle lânskipseleminten tsjin te gean? 3. De konsept-beliedsregel '<i>cultuurhistorische en landschappelijke waarden</i>' fan de gemeenten Waadhoeke en Harns is yn oparbeidzjen mei de provinsje Fryslân ta stân kaam. Nei oanlieding fan it advys fan de Bestjoerskommisje fan de gebietsûntwikkeling Frjentsjeradiel-Harns en it brief fan LTO en NAV ein 2019 is de ynfiering útsteld. Neffens harren joegen de beliedsregels gjin genôch romte om knyppunten yn de ferkaveling op te lossen. Is it kolleezje it dêrmei iens? Wat fynt it kolleezje derfan dat de beliedsregel (noch) net ynfierd is? Kin neffens it kolleezje it útstellen fan de beliedsregel te koste gean fan de lânskiplike kwaliteit fan it gebiet? As it kolleezje dat fynt, wêrom dan? As dat net sa is, wêrom net?
-----------------	--

Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hântekening) FNP Wopke Veenstra, Sijbe Knol
---------------	---

Datum	30 april 2020
-------	---------------